

COLUMN RAAD DANTUMADIEL

W

De figuerlike ôfstân tusken De Haach en it plattelân (Fryslân) wurdt allinnich mar grutter. Dit wie foar my de reden wêrom't ik de polityk yngien bin. Fanút dizze gedachte fier ik polityk. Ik hoopje dan ek dat we mei-inoar de polityk wer tichterby de minsken bringe kinne. Net oer de minske, mar mei de minske prate.

Yntusken sit ik al wer sa'n 2 jier en 1 moanne yn de gemeenteried foar de FNP, ea begûn as skaadfraksjelid, stipefraksjelid en hjoed-de-dei bin ik riedslid. Yn myn riedswurk fyn ik ûnder oare in soad wille. Ik fyn it tige moai om wat betsjutte te meien foar in oar.

Neist myn wurk as riedslid bin ik studint oan de Thorbecke Akademy (NHL Stenden) yn Ljouwert, mei as stúdzje Bestjoerskunde en Oerheidsmanagement. Yntusken ha ik meardere kearen meimakke dat wat ik moarns op skoalle behannele ha, deselde jûns noch weromkaam yn de gemeenteried. Net allinnich learsum, mar ek tige handich.

Yn myn portefúlje sit ûnder oare wenningbou, iets wat de nedige oandacht fertsjinnet yn ús gemeente. De reden wêrom't ik dit sa'n moai ûnderwerp fyn, is omdat it hiel tastber is. Want as it simpelwei net goed genôch rint, is it



resultaat dat der gjin wenning op 'e grûn stiet, iets wat elkenien sjen kin yn de doarpen.

De kommende tiid sil ik myn striid foar betelbere wenningen yn ús doarpen ferfolgje, want sa't je sjen kinne, se steane der noch hieltyd net.

Wa: Jouke Jan Postma

Leeftiid: 25 jier

Wenplak: De Westereen

Wurk/stúdzje: Riedslid FNP Dantumadiel en Studint bestjoerskunde en oerheidsmanagement

Wat minsken net fan my witte: Dat ik yn 'e takomst graach it motorrydbewiis helje wol.